



# Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

---

JIERGONG LVII nûmer 3

septimber 2008

ISSN 0166-6029

---

## *As ik in blom wie...*

*As ik in blom wie, soe ik jerne wêze  
in swide blom, ien fan de flora fan  
de stinzen, as it Alde Slot fan Wergea.  
Wat soe ik dan yn in frisse blidens bloeie,  
oant dat ik yn 'e wrede hannen foel  
fan ien fan Marten Afkes tsiental bern.  
En lykwols soe 'k dan yn har earmoed pronkje  
as teken fan de rykdom fan de skepping.  
Yn 't gea fan dominy De Stoppelaar  
woe 'k altyd bloeie en yn eltse maityd  
prielje noch mear as kening Salomo.  
Noch jierren langer as it sloopte slot  
soe 'k wêz' in blom; dan wie ik jimmeroan  
de winter fan fergonklikheid wol treast.*

*Klaas Bruinsma.*

*Saterdei 19 april 2008 yn it Ald Slot fan Wergea by it besyk fan de Kristlik Fryske Krite  
'Dr. G.A. Wumkes' fan Burgum.*

---

Samplers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoaring: Piter Dykstra, Waskemar. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: €5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

---

## It kin dus wol!



*'By syn ôfskied hat Nijpels him yn in televyzjeprogramma min of mear ferûntskuldige dat er yn de njoggen jier dat er hjir kommissaris west hat, nooit Fries mei de Friezen west hat en dat er harren taal him net oanleard hat. Foar him wie it ûnmooglik om de Fryske klanken mei syn twa- en trijelûden út de mûle te krijen, sa liet er witte. Dy taal soe net by him passe. Grutte laarjekoeke! Hoe doart er mei sok ûnsinpraat op 'e proppen te kommen?*

Jan Jongsma

Foar ien dy't wol, is it bêst mooglik om ús taal ûnder de knibbel te krijen. Dêr binne tal fan foarbylden fan oan te jaan. Tink mar oan boargemaster Brok fan Snits, krekt as Nijpels ek in Brabanner. Hy is Fries mei de Friezen wurden. Ik tink ek oan Jan Folkers, oant foar koart direkteur fan it Histoarysk Sintrum yn Ljouwert. Wat hat er him as net-Fries it Frysk gau eigen makke. En wat te tinken fan de sjongeresse Miranda van Kralingen, dy't sûnt in jier as seis yn Ingwierrum wennet. Ek sy hat der bewust foar keazen om de taal fan de minsken om har hinne te praten. Krekt as Brok en Folkers fûn se it hiel fanselssprekkend om har it

Frysk eigen te meitsjen. As jo it echt wolle, dan kin it.

As minsken in hege post yn Fryslân ambiearje, dan is it altyd 'aap wat hast moaie jongen' as it om de Fryske taal en kultuer giet. Nije boargemasters of in nije kommissaris hawwe noch nea ôfdien op ús taal yn in sollisitaasje-petear. Op sa'n stuit stekke se posityf yn troch ta te sizzen 'zo spoedig mooglik die prachtige taal onder de knie te krijen'. Ik haw it nochal ris sizzen heard as lid fan in betrouwen-skommisje troch boargemasterskandidaten. Mar as se ien kear it begearde baantsje hawwe, ho mar! No en dan in Frysk wurdje of heechút in sintsje om de 'popy-jopy' út te hingjen. Mar echt

---

yn de Fryske mienskip te funksjonearjen troch de taal fan dy mienskip sa folle mooglik te brûken, dêr komme se net oan ta. Fierder as de taal passyf wat yn 'e macht te krijen komme se gewoan net. It aktyf brûken fan ús taal bliuwt der meastentiids by, nettsjinsteande alle moaie tasizzings by harren komst. Hoe faak hawwe Friezen harren yn sokke gefallen al net by de poat nommen field!

Mar der binne lokkich útsûnderings. Yn maaie makken wy dat noch mei. De nije boargemaster fan Opsterlân, Francisca Ravestein, sei - krekt as in soad fan har kollega's yn it ferline - by har ynstallaasje yn jannewaris ta, dat se har it Fries eigen meitsje woe. Se spruts doe sels al in sintsje Fries: "Ik sjoch der nei út om mei jimme gear te wurkjen." Daliks hat se har by de Afûk opjûn foar in Fryske kursus en dat hat al fertuten dien, ear't se dy kursus ôfrûne.

Francisca Ravestein hat har tasizzing fan jannewaris binnen fjouwer moanne wier makke! Op 4 maaie

hâlde se in taspraak by de deadebetinking op De Tynje. Se ferraste har tahearders troch de taspraak folslein yn it Frysk te hâlden. "Na vier maanden al een speech in het Fries," koppe it Frysk Deiblêd.

In komplimint foar dizze út Rotterdam ôfkomstige bestjoerster! It kin dus wol om Fries mei de Friezen te wurden. Sy is in foarbyld foar party boargemasters. Dat dy troch har no ek op it Fryske spoar set wurde meie, hoopje jo dan. Better let as net!

Ik hoopje ek dat se in foarbyld is foar ús nije kommissaris. Om't er yn Boalsert berne is, soe Jorritsma de helte earder - yn twa moanne dus - 'us taal passyf en aktyf ûnder de knibbel ha moatte. Hoelang sille wy wachtsje moatte, ear't er de taal fan it lân dat er bestjoere mei echt aktyf brûkt? Ik daagje him út: wachtsje dêr net te lang mei en wurd Fries mei de Friezen. Foar him is it fansels in útdaging de earste Frysk pratende kommissaris te wêzen. Ik hoopje teminsten dat er dat as in útdaging sjocht.

--- o O o ---

*De fisken yn it Skarsterlanner wetter - snoeken, bearzen, bleien, en sa - binne yn hom en kút Skarsterlanner fisken. It wetterfolk is helte machtiger as it lânfolk, dat in gemeentlike minderheid is. Regearders en bestjoerders hawwe ornaris mear op mei in mearheid. Wêrom't dat sa is, wit ik net, mar it is no ienkear sa en net oars. Yn Heremastate sit de minskeminderheid ek wat op in Jan Poeps plak.*

*De bearzen en bleien en wytfiskjes, se hiene it yndertiden net rjocht nei it sin yn, bygelyks, de Zwarte Sloot en de vaart van Sint Nicolaasga. Se wiene wakker oergeunstich op har susters en bruorren yn de Oeble-om-sleat en de Feansterfeart. It wetterfolk stie yn Herema State oan op in fatsoenliker swimklimaat en de bestjoerders harken nei har. Dat wie yn april fan 2001 en yn maartmoanne fan 2006 wie it al sa fier. Bleien en foarnen en reade ielen, se koene de wille net op yn de Swarte Sleat en de Sint-Nykster Feart, en sa. It jonge folkje hapte, breadronken, nei alles dat it mar behappe koe, nei lucht (dat gjin kwea koe) en nei wjirms (dat it better nêt dwaan koe).*

*It lânfolk wie oe sa oergeunstich op de fiskemearheid: "Dy wól en wy nêt? Wy binne net minder as dat wetterfolk yn ús fearten en sleatten, marren en puollen. No't bleien en wytfisken en blauwe ielen hár Jiskenhúster Feart en Langwarder Wielen hawwe, soene wy ús Jiskenhuzen en Langwar wol hawwe meie. Lyk rjocht foar minske en fisk, lyk rjocht foar elk! Wy steane der by Herema State op oan, dat ús doarpsnammen de status fan offisjele nammen krije, dat de Dunegeasters yn Dunegea wenje sille, de Dyksters yn Diken."*

*Fan Snikzwaag nei Sniksweach, fan Dijken nei Diken. Mear as in grypstehealstoer hoecht it net te kostjen. Mear as it oergearkommen is it net.*

*Mei Bitgummoolster achtinge.*

☆ **F**ries om utens Johannes Oegema fan Sutfen hat troch de jierren hinne yn eigen behear in rige boekjes útbrocht yn de 'Kantsjeroasrige'. Fan 'e maitiid ferskynde it alfte dieltsje mei as titel 'Sânbulten'. It is it plak dêr't Oegema fan 1932 oant 1953 wenne. Oer it plak dêr't er in bysûndere bân mei hat, hat er 'stikjes en ferskes yn it boerefrysk' sammele. De measte stikjes en ferskes hat er yn 'e rin fan de jierren sels skreaun. 'Sânbulten' telt 48 siden en kostet 8 euro. De útjefte, mei in oplage fan 100 eksimplaren, is by Johannes Oegema te bestellen. Syn adres is: Lintelostrjitte 23, 7203 CS, Zutphen. (Syn bankrekken: 93.50.05.641) Foar it ferstjoeren moat 2 euro ekstra betelle wurde.

☆ **D**e KFFB brocht dizze moanne de achtste roman fan Anders Minnes Rozendal út. Rozendal wenne oant foar koart yn Ljussens, mar no is Dokkum syn wenplak. Hy debutearre yn 2001 mei 'De Muorre' en sûnt dy tiid is der alle jierren in roman fan him útkommen. De titel fan de nije roman is 'Zuar'. It is in bibelske roman, dy't spilet yn de tiid fan kening Achaz en keningin Izebel.



☆ **B**y de Friese Pers Boekerij ferskynde fan 'e maitiid de fyfte roman fan Henk de Haan. Dy hat as titel 'Alde leafde'. It ferhaal spilet foar it grutste part yn de Twadde Wrâldoarloch yn de Hoarnstersweagemer Mieden. Sintraal stiet in Joadsk famke op in Fryske ûnderdûkerspleats. De yn Jobbegea wenjende Henk de Haan debutearre yn 2002 mei de roman 'De nacht fan de stroffelstiennen'. Dêrnei ferskynden 'Marije, oarloch en leafde yn 'e Spaanske tiid', 'It skaad fan de draak' en 'De lapkepoep'.

☆ **D**e Fryske tsjerkedei waard dit jier hâlden op 8 juny yn Snits. Op dy dei waard troch it jubilearjende Kristlik Frysk Selskip (100 jier) in lietebondel presintearre mei as titel 'Tusken rein en sinne'. De ûndertitel is: 'Lieten foar thús, skoalle en tsjerke'. De redaksje fan de bondel wie yn hannen fan Jan Breimer, Greetje Waringa-Hofma, Jant van der Weg-Laverman en Liuwe H. Westra. Bekende Hollânsktalige ferskes as bygeliks 'Ik ga slapen, ik ben moe' en it doopliet 'Verbonden met vader en moeder' kinne no ek yn it Frysk songen wurde.

---

☆ Fan 'e simmer ferskynde in 150 siden tellend boekwurk oer de âlde nammen fan Earnewâldster lannerijen, wegen en wetters. It boek is skreaun troch Arend Toering fan De Wylgen. Hy is de soan fan de yn 1996 ferstoarne Earnewâldster fisker Roel Toering, dy't as amateurhistorikus ynteressearre wie yn histoaryske geografyske nammen en harren betsjutting. Yn 1993 ferskynde it troch him en master Douwe Franke skreaune 'Earnewâld fan doe nei no'. Roel Toering hie lykwols noch folle mear histoaryske stof as er yn dat boek kwyt koe. Syn oantekens stiene yn skriften, dy't nei syn ferstjerren by soan Arend telâne kamen. Dy teksten hat Arend Toering no brûkt yn it nije boek mei as titel 'Nammekunde Earnewâld en omkriten'. It boek is yn eigen behear útjûn. It is te keap yn it besikerssintrum fan it Fryske Gea yn Earnewâld, by de Earnewâldster VVV en by de skriuwer sels. (a.toering5@chello.nl)

☆ Noch dit jier hopet útjouwerij Frysk en Frij de 'Samle fersen fan Jan Wybenga' út te bringen. De bondel, dêr't alle fersen fan Wybenga (1917-1994) yn opnommen binne, ferskynt yn de rige 'Frysk en Frij Klassyk'. Abe de Vries fersoarget de ynliding en Goasse Brouwer docht de besorging. Foar mear ynformaasje: [www.frysk-en-frij.nl](http://www.frysk-en-frij.nl)

☆ Yn eigen behear joech Henk Steegstra fan Rinsumageast in dichtbondel út mei as titel 'Fryske Baksels'. Steegstra is 48 jier en dichtet no sa'n tolve jier, sawol yn it Frysk as yn it Hollânsk. Troch de jierren hinne binne syn fersen publisearre yn regionale kranten. Twa kear earder brocht er in bondel út: 'Met een knipoog' / 'Mei in knypeach' (2002) en 'It moat kinne' (2005). Fan 'Fryske Baksels' binne 250 eksimplaren printe. De bondel is by de dichter sels te krijen. Syn telefoannûmer is 0511-424369. Op syn webside ([www.henksteegstra.nl](http://www.henksteegstra.nl)) is ynformaasje oer de bondel te finen.



---

## *Snein*

*In mylde glâns falt oer de hollen;  
wy skûlje ûnder it âlde dak.  
Ik sjoch de rigen op 'e stuollen  
en tink: elts draacht syn eigen pak*

*en hat syn wederwarichheden.  
D' ien fielt him sterk, de oare swak.  
Net ien faaks kaam hjir sûnder reden -  
Hoe kriget elk hjoed syn gerak:*

*ien, tangele mei tûzen fragen,  
ien, dy't yn it fertriet ferslacht;  
mar ek sy, lekker yn har fel.*

*Hoe geane se aanst it paad wer del?  
In mylde glâns fan it himeldak  
tilt wer de minsken troch de dagen.*

---

## *'Hege Flecht': yndrukwekkende bondel*

*It hjirfoar ôfprinte fers 'Snein' komt út de bondel 'Hege flecht', in mânske útjefte mei fersen fan de yn Burgum wenjende Klaas Feenstra. De bondel is fan 'e maitiid útbrocht troch útjouwerij 'Frysk en Frij'. It is de twadde bondel fan Feenstra, dy't op 75-jierrige leeftiid debutearre. Yn 2004 ferskynde by JéJé-publikaasjes yn Burgum de bondel 'Guozzekloft' by gelegenheid fan syn 75-ste jierdei.*

Jan Jongsma

Klaas Feenstra waard yn de strange winter fan 1929 berne yn Nijlân. Nei syn ULO-B oplieding krige er in baantsje by de gemeente Wymbritseradiel. Dêrnei waard er gemeenteamtner yn Warnsveld en yn 1955 waard it gemeentehûs yn Burgum syn wurkplak. Dêr hat er oan de ein fan de santiger jierren mei stal jûn oan it belied Frysk. Tytsjerksteradiel waard proefgemeente 'Frysk yn it offisjele ferkear'. Yn 1988 waard er amtner ôf, omdat er gebrûk makke fan de VUT-regeling. Doe lei er him noch mear ta op it Frysk en hy pakte de dichter-spinne op. Hy hie altiten al gefoel foar dichtsjen hân, mar op wat gelegenheidsfersen nei kaam it der net fan.

Op it skriuwen fan gedichten hat er him echt talein, nei't er yn de VUT gong. Fersen fan him ferskynden yn de 'Leeuwarder Courant', 'De stim fan Fryslân' en 'Frysk en Frij'. Om him better op it dichtsjen ta te lizzen, folge er kursussen by it FLMD en letter by Tresoar. Hy krige ûnder oaren les fan dichters as Tsjêbbe Hettinga en Al-

bertina Soepboer.

Ynfallen foar fersen hat er op alle oeren fan de dei, mar benammen nachts. Dêrom leit der ek altiten papier op syn nachtkastke. "As ik op in idee kom, is it wol saak om dat daliks op te skriuwen. Soms leit sa'n oanset ta in fers der in hiel skoft en dan moat der hieltiten wer oan slipe wurde. Ien wurd kin in gedicht fersteure en dan pak ik der tiden mei om. Soms ha 'k ek samar in fers klear, mar dat bart mar in inkelde kear."

'Hege flecht' is in yndrukwekkende bondel wurden. Der steane mar leafst sa'n twahûndert fersen yn. Wa 't de bondel trochnimt, komt ta de konklúzje dat Feenstra alle fersfoarmen oan kin, fan it strange sonnet oant en mei de haikû en it frije fers, hoewol't er oan dy lêste fersfoarm - it rymleaze fers - earst bot wenne moast. Troch de kursussen krige er lykwols hieltiten mear wurdearing foar de frije foarm.

As foarbyld fan sa'n frij fers folget hjir it gedicht 'Njoggenentweintich' (oer de strange winter fan 1929, it bertejier fan de skriuwer):



---

## *Njoggenentweintich*

*knibbelhege snie  
de wazem fan de skerne  
hoar oer 't gea in trein*

*blommen op it rût  
yn 'e skoarstien fûl dy stoarm  
widze by de hurd*

*jûkels yn 't bûthús  
iis yn de reinwettersbak  
auto's it waad oer*

*alvestêdetocht  
matsjedoars yn wyt habyt  
de sterk wettertean*

*âld wiif op it iis  
monotoane goatedrip  
snie fan 't dak: plof... plof...*

---

By einsluten noch in priuwke út dizze bysûndere bondel, in fers oer Feenstra syn wenplak Burgum:

## *Myn Doarp*

*It hâldt de wacht by 't labyrint  
fan de ivich fonkeljende stjerren,  
it universums tabehearren.  
Rjochte op it hege firmamint,  
dat is myn doarp, fan grien omseame -  
Sa ast' stil foar my leist te dreamen,  
bistû my nei en leaf as gjint!*

*Gjin hunebêde-monumint  
fan âlde gloarje, lang fergien:  
dêr dreamt yn iiv'ge sliep de Drint -  
Mar yn myn doarp sliepe yn in flint  
gjin bonkerak, knikels of ribben,  
mar soarget aloan foar nij libben  
ús jimmer fruchtb're poppestien!*

*Noch mannichien nimt se foar kar:  
de Bulthúsjollen en BM'ers.  
Se brûze linich oer dyn mar  
mank freed's me fiskers, tûke swemmers.  
Dyn mar, mýn mar, dêr't ik it silen learde.  
In pearle fan ûnskatb're wearde  
bist my, dêr't ik by swar, myn mar!*

*Wat hast noch mear, wat hastû net,  
myn fonkelstien yn smûke Wâlden!  
't Reahart, Krústsjerke en De Pleats,  
dyn promenade "Tjibbe Gearts".  
Dyn hannelsmerk, it stjonkfabryk,  
as ik dy mar rûk, bin 'k och sa ryk  
en faaks de oare deis ferkâlden!*

'Hege flecht' is útbrocht troch Utjouwerij Frysk en Frij. De bondel telt mar leafst 266 siden en de priis is €20

*Yn LYTS FRISIA is al in pear kear skreaun oer de rubryk 'Ingezonden' fan de Ljouwerter en oer de redaksje dy't dêroer giet. De redakteur H. Willems is grif in betûfte kranteskriuwer, dêr giet neat fan ôf. Mar dat eigenskipswurd 'betûft' betsjut net, dat er in grut master is op it wapen fan de ynstjoerde stikken. Hy bemuoit him mei in saak dêr't er gjin ferstân fan en doel oer hat, hy kin net fan ús taal ôfbliuwe, dat er al dwaan moatte soe - lêzersbrieven (1) en (2), LYTS FRISIA LV (2006) siden 9, 11.*

"Wat fierder fan de paus, wat tichter by God", is in siske yn Brabân. Datoangeande hiene wy it minder treffe kinnen: Menameradiel leit mear as 1200 kilometer fan Rome ôf en it fromme Bitgummole justjes fierder ôf as it wrâldske Menaam - mar dêr hie alleman al wol weet fan. No byt it Romeinske Latynsk, mear as 1200 kilometer fan ús ôf, de beide talen yn Menameradiel net, mar dy beide ûnderinoar? Wie net ieuwenlang en rûnom de allochtoane taal de earste?

De twadde Pinksterdeis fan 1908 waard it Kristlik Frysk Selskip (KFS) oprjochte. It soe de folkstaal, part fan Gods skepping, hoedzje en noedzje. Op 3 jannewaris 1915 hold dr. G.A. Wumkes yn de Tsjommer grutte tsjerke de earste Fryske preek yn ús lân. Foar in Geartsje Visser - in Jan Kûpers Tryn, neffens P. de Groot yn de Ljouwerter fan 8 april - wie de tsjinst 'komeedzje'. It iis like brutsen te wêzen en fan Tsjom soe de fiktoarje begjinne. De lju fielden dat de tsjerke mei Heite Wurd yn memme sprake tichte by har kommen wie te stean. Mar de tsjerkerieden, yn it earstoan wat fan it sintrum, ferhellen har lykwols rillegau. Mei wat 'repressieve tolerantie' krigen se har folk wer yn 'e stokken, de tsjerke soe nét ta it folk gean.

It wiene foar de oarloch ek

bysûndere omstannichheden: hiene se yn Wales al sûnt 1588 har eigentalige Bibel en hiene se yn Hollân harres al sûnt 1637, yn Fryslân moasten wy ús dêrsûnder rêde. Dat it KFS joech Wumkes de opdracht ta de bibeloersetting, dy't yn 1943 útkaam. Yn de sechstiger jierren wiene fan de 40.000 printe eksimplaren net folle mear oer.

KFS, Roomsk Frysk Bûn én de tsjerken - dy't earder alhiel bûten de Wumkesbibel bleaun wiene - stjoerden op in nije, yntertsjerklike oersetting oan. Dy kaam der yn 1978, yn de nije steatestavering. Mar like wearzich oan Heite Boek as foar de oarloch, leine de tsjerken it fansiden. Guon hiene it net iens yn 'e hûs. It hie noch neat fan in fiktoarje.

Nei fjirtich jier seach Mozes it ûnthjitten lân te lizzen, syn lange mars hie net alhiel om 'e nocht west. Nei hûndert jier sjocht it KFS noch gjin bekearing fan de tsjerke(riede)n ta Heite Boek yn de folkstaal, syn lange mars giet fierder, de twadde ieu yn. De frage is no, oft it wurk yn dy iene, earstkommende, hûndert jier berêden wurde kin.

Yn de Ljouwerter kranten fan 26 april en 17 maaie haw ik de tsjerketsjinsten teld: 580 (dêr't 15 fan eigentalige wiene) en 586 (10) yn deselde folge, trochinoar 583 (12,5 = 2,1441

Op 'e besteande foet trochgeande,

---

sille 'wy' yn 4664 jier fan de su-  
ver alhiel Hollânske tsjerke in alhiel  
Frysktaligen-ien makke hawwe. De  
hope is, dat yn it jier (1908 + 4664)  
6572 Christus' kerk wier-wier Kristus'  
tsjerke wurden wêze sil en it KFS dan  
dien nimme kin.

De kranteman De Groot rekkene  
yn syn Ljouwerter mei, trochinoar 10,  
Friez(inn)en opmoedigjende, preken.  
Dêrfan útgeande kin it KFS net earder  
yn 'e FUT as yn it jier 7738. De hope is  
dat De Groot ûngelyk kriget.

---

B.J. Postma:

## *Lokwinske Drylts*

*Op 6 maaie wûn Barack de ferkiezingsstriid yn North Carolina fan Hillary mei 58 % om 42 % fan de stimmen. Barack syn oerwinning wie 'overtuigend' en Hillary hie in 'dreun' krige. (LC 7, 8 maaie) Ferline jier wie 58 % fan de 1986 stimmers it iens mei de stelling 'alle gemeente- en plaatsnamen in het Fries'. (LC 25, 26 april 2007) De oerwinnings fan ús eigen gemeente- en plaknammen op 'e Hollânske binne dus lyksa 'overtuigend' en de Hollânske krije dus lyksa in 'dreun'.*

*Op 20 maaie is yn Drylts it sânde plak-nammebeslút nommen. Fan de fyftjin bywêzige riedsleden stimden fjouwer (GBW) der tsjin. Mei 73 % fan de stimmen meie de oerwinnings fan 'Drylts' en 'Folsgeare' wol 'sterker as oertsjûgjend' neamd wurde en de dreun dy't 'Ijlst' en 'Folsgare' krigen hawwe, 'in omraken dreun'. Meiertiid wurde de kombuorden ientalich Frysk; de Hollânske nammen geane dan nei it museum ta.*

*Lokwinske Drylts, no nûmer sân yn de rige nei de gemeenten fan Burgum, Grou, Wommels, Ferwert, Damwâld en Stiens. Nûmer acht liket op kommenswei te wêzen. It rint as it spoar, tinkt my.*

Boppesteand stikje stjoerde Postma as 'ynstjoerd stik' nei de Ljouwerter Krante. Hy hie graach in rige 'Lokwinske, Damwâld' - 'Lokwinske, Stiens' - 'Lokwinske, Drylts'... yn de krante hawwe wollen. Mar dat woe kranteman Willems - de man dy't oer de ynstjoerde stikken giet - net lije. Boppesteande stikje naam er lykwols al op mar... Hy feroare de kop yn 'Plaknammen' en... de hjir fetprinte sinnen hat de man skrast. Dy sinnen hiene begjin en ein fan it stikje ferbine moatten. In skeind en ûnfolslein stikje dus. Dêrom nimme wy it folsleine stikje fan Postma hjir op. It ûndersteand stikje fan Postma waard ek as ynstjoerd stik nei de Ljouwerter Krante stjoerd. It waard lykwols net opnommen en de reden dêrfan waard ek net neamd.

---

## KAFEE 'ROM SICHT' (8)



*Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.*

Rommert Tjeerdsma

"Jou my mar in kâld pilske," seit Fetse by it ynkommen. De oare manlju, dy't har al by de grutte tafel deljûn ha, sjogge him ferheard oan.

"Wat hawwe wy no," beart Watse, "gjin bearenburch, bist fan dyn geloof fallen?"

"Hy hat de strik ek al foar wei," seit Geart, "no sille wy it noch krije..."

Fetse lit him al pûstend en switfeind op in stoel sakje. "It is my fierste hyt, ik swit my oan wetter. Hawwe jim dêr no gjin lêst fan?"

"Hyt, wat is hyt," giet Watse op dit ûnderwerp yn, "it is in begryp dat jo op ferskillende wize ûndergean kinne. Tsjintwurdich hawwe se it wol gauaris oer gefoelstemperatuer, ek al sa'n dizich begryp dêr't jo alle kanten mei út kinne."

"No, dêr hoechst by ús heit eartiids

net mei oan te kommen," reagearret Geart, "heit hie yn syn jonge jierren yn Ynje tsjinne, by de polisjonele aksjes sa as er dat altyd neamde. Doe't ik as grutjonge ris krimmenearre dat it sa hyt wie, it swit rûn my út it hier, want wy skripten yn 't hea om en dan koe it benaud wêze, sei er: hyt, jim witte hjir net wat hyt is. As it by ús yn Ynje tritich graden wie fûnen wy it mar wat huverich, dan diene wy de jas oan. Earst by fjirtich graden begûn it wat noflik te wurden. Sa sjogge jo mar wer, it is mar krekt hoe't jo it ûndergeane."

"No, ik hâld my mar by myn fêste resept," merkt Watse op, "sok waar kin 't net wêze of in jong slokje smakket altyd goed."

"Mar dan graach wol mei in skep sûker der yn," fynt Geart.

"Gjin wûnder datst sa'n liif hast," seit Minne gekoanstekkerich, "komt fan al dy sûker fansels."

Geart sil opspatte, mar Fetse sjocht it oankommen en giet gau op in oar sjapiter oer. "Ik sei fan 'e wike noch tsjin de frou, ik woe wol dat ik tweintich jier jonger wie..."

"No, dêr wie se it fêst wol mei iens," falt Minne him yn 't wurd, "ik kin my teminsten yntinke dat sa'n âld..."

"As ik tweintich jier jonger wie," giet Fetse ûnfersteurber fierder, "dan soe 'k fuortdaliks emigreare, fier fuort út dit nearzige bekrompen lantsje wei."

Hjir hearre de maten raar fan op. "Do út Fryslân wei," seit Geart mei eagen as teepantsjes, "dêr leau ik gjin duvel fan, do soest it noch gjin wike úthâlde!"

Ek de oare manlju litte troch ynstimme gebrom hearre, dat it har net oan wol. "Mar wêrom soest dan fuort wolle?" freget Watse. "do hast it hjir ommers as smoarge beane, in âld fyts en in himmel wiif, wat wolst noch mear..."

As de maten útlake binne, seit Fetse: "It is gjin gekheid, ik mien it echt. Ik wurd sa stadichoan strontsiik fan de regearing fan dit lân. Nim no de benzine- en diselprizen, Nederlân sit al fier boppe it minimum persintaazje belêsting dat fan de Europeeske Kommissje frege wurde mei. No't de prizen alle dagen omheech geane, ferleegje de lannen om ús hinne de belêsting op disel en benzine. En wat docht Nederlân? Jo riede it al: dy ferheget de belêsting mei trije en in heale sint it mingel. Dat is dochs dwers troch alles hinne..."

"Wêr makkest dy eins drok om,"

seit Minne relativearjend, "do hast ommers allinne mar in âld fyts en dy nimt gjin disel, of wol?"

"It giet my om ús Ruerd," antwurdet Fetse, "de jonge hat mei kloek sparjen en help fan 'e bank in transportbedriuwke oprjochte. No hat er ien frachtauto en dêr rydt er sels by dei en by nacht mei, hy is om samar te sizzen altyd ûnderweis."

"It is dus in Z.Z.P.-er, sa hjit dat tsjintwurdich," wit Minne. "Dat koe wol," Fetse wer, "mar troch dizze nije maatregels fan de regearingsrôfridders bin ik bang dat syn saakje nei gichem giet en dat er him om 'e nocht al dy jierren út de naad wurke hat." "Ik bin it mei Fetse iens," batst Watse der yn, "it is in grut skandaal, de lytse man moat it wer ris belje." "Ja," stimt Geart mei, wat op himsels al bysûnder is, want dat bart eins noait, "de grutte transportbedriuwen hawwe kontrakten ôfsletten mei pomphâlders yn België, dy binne yn hâldershân. Mar as lyts bedriuwke kin dat fansels net."

"Dy Belgen skuorre har de bûsen út," mient Boate, dy't der by lâns komt om de konsumpsjes op peil te hâlden, "it ynklauwen fan ús regear leveret har allinnich mar in soad profyt op. Ik tink dat se har slop laitsje oer dy domme Nederlanners."

"Se wringe har yn alle bochten om it folk mar keal te plukken," somberet Fetse, "ferpakkingsbelêsting, miljeubelêsting, de B.T.W. mar wer omheech, jo soenen sizze, wêr yn fredesnamme bliuwt al dat jild?"

"No, dêr kin ik jim wol in pear eksimpels fan bybringe," seit Watse nei't

---

er syn gleske lege hat en Boate de wink jout. "Pommeranten fan de omroppen dy't hûnderttûzenen euro's yn it jier barre en as se min prestearte krije se der noch tonnen op ta. Lju dy't wat op 'e tillevyzje omhealwiizje, lykas sa'n Paul de Leeuw, dy't blykber ek mei goud betelle wurde moatte, foaroanmannen fan soarchynstellingen, sikehuzen en sikefûnsen dêr't it mear nea fol fan is en dy't noch mear yn 'e bûse stekke as in minister en sa kin 'k wol efkes trochgean."

"Ferjit Suriname en de Antillen

net," seit Geart, "dy hienen lêstendeis ek in tekoartsje op 'e begrutting. It wie mar in pear miljardsjes, dus dat hat Nederlân mar efkes bypast, dat mocht gjin namme ha."

Fetse hapt yn syn glêsbier en faget him it skûm fan 'e mûle. "Dit docht in minske goed," glimket er blier, "it smoken hawwe se ús ek al ôfnommen, dit is it iennichste dat ús noch bleaun is..."

"Dan moat ik dy teloarstelle," ropt Watse, "de belêsting op bier wolle se ek al wer ferheegje..."

---

*B.J. Postma:*

## FORZA FRJENTSJER

Trettjin doarpen yn Frjentsjerteradiel krije har eigen nammen werom. De bewenners binne út 'e skroeven en Frysk Fryslân is bliid mei har. Alleman hie it oars oankommen sjen kinnen.

'De opmars van de Fryske plaknammen' (LC 23 maaie) is fan Damwâld oer Stiens en Menaam - mei in útstapke nei Drylts ta - no yn Frjentsjer oankommen. (LC 6 juny) Mar dy hâldt net ho by Hjerbeam en Seisbierrum, de koerts bliuwt westoan. It Harlinger kolleezje is wach: Midlum en Wijnaldum meie 'Mullum' en 'Winaam' wurde, foar har dierber 'Harlingen' sille alle stedsjers de striid stride oant de lêste tobbedûnser fallen is.

En yn Frjentsjer? De LC-redakteur De Groot hie it bryk achte, 'dat de Slachte begjint yn Oosterbierum en even ûnder Easterwierrum einiget'. 'De PvdA-er De Bok voelde zich (erdoor) uitgedaagd'. Yn de riedsgearkomst fan 5 juny kaam er mei syn doarps-nammemoasje, dy't mei alve fan de santjen stimmen (65

Ik achtsje it bryk, dat oan de Alvestêderûte tusken de beide Fryske stêden Drylts en Dokkum dy Hollânske stêd Franeker leit. In twadde útdaging foar De Bok?

--- o O o ---

Bitgimmole 14 july 2008

Tige achtbere Boargemaster, rju achtbere Wethâlders,

*It hat hokkerjiers in toer west om de gemeenten oan de wetternammen te krijen. Yn jim gemeente eine it amper hurder as in slak krûpe kin, mar de rie is akkoart gien mei 'De Fluezen', Sleattemer Mar' en 'Brandemar'. Dan foeget it no net, tinkt my, om te bearen dat der te jimmes neat feroare is, en om no nôch fan 'De Fluessen', 'Sloteren Brandemeer' te skriuwen. Sa't jim fan jim boargers fergje dat se har oan riedsbeslút en oardering hâlde, sa meie se yn it Provinsjehûs fan jim fergje dat jim jim oan it steatebeslút fan 15 maart 2006 hâlde. En safolle wetternammen binne der yn jim gemeente net, dy binne maklik út de bleate holle te learen. Oan de nije 'Twiebaksmerk' moatte se mear as tûzen nammen leare en ûnthâlde.*

*Der is nôch ien en oar. De Ljouwerter makket in rommelsoadsje fan de nammen - ik haw der mei de haadredaksje oer skreaun. Ik leau, de krante sil de ferâldere, net mear besteande, nammen net ôfskaffe, salang't de oerheden in potsje fan de nije nammen meitsje.*

*Soene jim jim tenei oan it steate-wetternammebeslút hâlde wolle? De trije, bop-peneamde, marren meie foar in part yn jim gemeente lizze, se binne uzes meielkoar. Sadwaande wiis ik jim op jim flaterjen.*

*Mei Bitgummoolser achtinge.*

*Mei Bitgummoolster achtinge.*

In grut part fan ús leden en lêzers hat it lidmaatskips- (€7,50) of lêzersjild (€5) foar it jier 2008 al oermakke. Guon makken sels in bytsje mear oer. Tige tank dêrfoar. Foar dejingen dy't noch net betelle hawwe, is yn dit nûmer in strypke ynsletten mei it fersyk om it jild sa gau mooglik oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan : SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj. H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

'Lyts Frisia' ferskynt fjouwer kear jiers. Sa wie it oant no ta alle

jierren, mar spitigernôch komt der hieltiten minder kopij binnen. En kopij is nedich om ús tydskrift regelmjittich ferskine te litten. Dêrom ús oprop oan leden en lêzers: Stjoer kopij yn. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. It folgjende nûmer komt yn desimber út. De kopij foar dat nûmer moat ynstjoerd wurde foar 1 novimber nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar mear ynformaasje: tel. 0511-463869.